

JIERFERSLACH KRÚSPUNT 2012 - 2013

Bestjoer:

Gearstalling en roaster fan ôftreden (fjouwer jier is de termyn en men kin ien kear werbeneamd wurde):

2013	Douwe Gerbens	KFFB	2015	Eelke Goodijk (werbeneamd)	FOW
2013	Tytsje Hibma, Skriuwer	YKFE	2016	Warner Veltman (werbeneamd)	FFF
2014	Liuwe Westra, Nijsjager	KFS	2016	Toos Reichman (werbeneamd)	Beriedsgroep Earetsjinst
2014	Piet Miedema, Ponghâlder	KFS	2016	Hinne Wagenaar, Foarsitter	Nijkleaster

Der hawwe 7 bestjoersgearkomsten west, op 14 maaie, 11 septimber, 16 oktober, 27 novimber, 10 jannewaris, 12 febrewaris en 18 maart.

Jiergearkomste 21 april 2012 yn Akkrum - Tema: It is in toer yn Fryslân

Mei Reini van den Akker oer har ûndersyksferslach oer it brûken fan Frysk en Nederlânsk yn 'e tsjinsten en foarbylden út in ferskaat oan tsjerken. Sjongscoft mei it Kwartettekoar. En útwikseling: hokker stappen wolle jo sette yn de gemeente. Hinne Wagenaar (Nijkleaster) wurdt keazen as nij bestjoerslid.

Kristlik Fryks Selskip Op 30 desimber 2012 waard yn Burgum de lêste gearkomste hâlden fan it Kristlik Fryks Selskip. In moaie gearkomste mei grutte opkomst, dy't ôfsluten waard mei in fesper yn de Krústsjerke.

Webstee Der komme geregeldwei nije berjochten en ynformaasje oer nij materiaal op it webstee. Oan fragen fan minsken is ek te merken dat it webstee brûkt wurdt om materiaal te sykjen. Liuwe Westra is 'nijsjager' wurden foar it webstee en Piet Miedema set as webbehearder ien en oar op it webstee.

Spearpunten

Nei oanlieding fan de Krúspuntdei hat it bestjoer 5 spearpunten fan belied keazen:

- 1 Oanbefelling meartalige tsjerketsjinsten; hânwizer en jûnsprogram foar gemeentejûnen.
- 2 Webside mear aktualisearje. Relevant nijs helje fan oare websiden. Ek alle wiken in Fryske oertinking?
- 3 Utweiding efterban nei mear denominaasjes. Breder bekendheid sykje en mear oekumenyske basis.
- 4 Fryske spiritualiteit / boarne foar spirituele ûntwikkeling. Byinoar bringe wat der bart en ûntjouwingen stimulearje.
- 5 In eigen Frysk Lieteboek.

ad. 1 De útwurking hjirfan wurdt presintarre op de Krúspuntdei 13 april 2013

ad. 2 Liuwe Westra is 'nijsjager' wurden en besiket safolle mooglik nijs byinoar te bringen foar Krúspunt.

ad. 3 Der is in folder fan Krúspunt makke, dy't presintarre wurdt op de Krúspuntdei.

ad. 4 Dit punt freget noch om neiere útwurking.

ad. 5 Foar in mooglike tafefte by it nije Lieteboek binne lieten sammele en wie der oerlis mei de YKFE. De tafefte blykt net mooglik. Wol wurdt der fierder tocht oer en wurke oan in mooglik eigen Frysk Sjongboek.

Om it meitsjen fan nij materiaal te stimulearjen is der in priisfraach útskreaun foar in Pinksterliet. De útslach wurdt op de Krúspuntdei bekendmakke.

Dielnimmende organisaasjes

Der binne no 23 dielnimmende organisaasjes fan Krúspunt:

Deputaatskip Fryske Earetsjinsten (fm)	Stichting Jabikspaad Fryslân
Beriedsgroep Earetsjinst en Tsjerkemuzyk	Stifting Nijkleaster
Ferbân fan Fryske Foargongers	Tsjerkepaad
Kommisje Fryske Fespertsjinsten Ljouwert	Website- en redactiecie kerkblad 'De Binding' PKN
Greidhoeketsjerkedei 2011	Westerwert
Intrada Muziekuitgave	Fryske Oekumenyske Wurkferbannen
KFFB	FOW - Dongeradiel
Kristlik Fryske krite 'Dr G.A. Wumkes'	FOW - FOET Súd West Fryslân
Kristlik Fryske Krite 'Gemma van Burmania'	FOW - Itens
Nederlânsk Bibelgenoatskip (NBG)	FOW - Hjerbeam
Project Hânsume help	YKFE
Raad van Kerken in Fryslân	

Mooglike aktiviteiten dy't útwurke wurde kinne:

- Fryske Ynspiraasjebeurs (Adfint / Fjirtich Dagen) no't de 'PKN-inspiratiebeurzen' ophâlden binne.
- Kontakt mei en materiaal foar skoallen / elke wike in berneliet op Krúspunt
- Tsjerkeblêd foar Fryslân - nije CD mei Taizélieten / Wylde Goes - oersetservice (Afûk / Gysbert Japixhûs)